



TWADDE KÂNS FOAR TWADDEHÂNS

(Puinhoop in de kringloop)

Klucht yn trije bedriuwen fan

HENK ROEDE

Fryske bewurking fan

Roel Klijnstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **TWADDE KÂNS FOAR TWADDEHÂNS - PUINHOOP IN DE KRINGLOOP** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HENK ROEDE** en vertaler: **ROEL KLIJNSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

2024 Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

TREA: Eigneresse fan de winkel yn healsliten guod. Besiket op har eigen, net altyd ekonomyske wize, de saak geande te hâlden.

LOLO: Meiwurkster yn de saak. Net al te snoad, mar docht wol tige har bêst.

FAN DONGEREN: Deskundige op it mêd fan antyk. Fielt him sels krekt wat mear as oaren en praat sadwaande ek wat út de hichte.

ANOUSKA: Assitinte fan Fan Dongeren. Rint as in hûntsje efter him oan.

DOLF: Folks type, wat rûch, mei in twievelriedich ferline mar mei in goed hert.

BABETTE: In kakmadam, wat súnich mar ek hiel gehaaid.

JEROEN: Man fan Babette, hat net folle by har yn te bringen. Aldfrinzich klaaid, mar komt wol guodlik oer.

HARRY: Lompe, ûnbeskofte boufakker, rint yn wurkklean om. Asosiaal yn hâlden en dragen.

KLANT 1, 2, 3, 4, 5, en 6: Ferskate klanten, dy't troch ferskate spilers útbylde wurde kinne, mar ek as figuranten yn- en útrinne kinne. Der is genôch tiid tusken de scênes om te ferklaaien.

DECOR:

Midden op it poadium stiet in toanbank.

Dêrefter in doar dy't nei it kantoar ta giet en ien dy't nei it magasyn ta giet.

Lofts is de doar nei de yngong fan de winkel. Yn de doar sit in rût.

Mooglik is ek noch in rût/ etalaazje njonken de doar.

Rjochts fan it poadium is: "Fierdere part fan de winkel", dêr't de spilers op- en ôfgean kinne mar lykwols noch yn de winkel oanwêzich binne.

It poadium stiet fierders fol mei stellingen, meubeltsjes en rommel lyk as wênstich is yn in winkel mei twaddehâns guod en der is ek noch in pashokje.

EARSTE BEDRIUW.

(Lolo stiet efter de baalje en sjocht fol belangstelling nei in televysjetastel, dat mei de efterkant nei it publyk ta stiet. Trea rommelt yn'e tiid wat mei de kassa.)

LOLO: Moast no ris sjen, Trea. Babette is foar de televysje.

TREA: Foar de televysje?

LOLO: Ja, sjoch. By "Tussen Kunst en Kitsch".

TREA: Ferrek, ja... Set him ris wat lûder.

(Lolo pakt in ôfstânsbetsjinning ûnder de toanbank wei en drukt der op. Der bart neat. Trea pakt in oarenien en drukt dêr op, mar der bart wer neat. Der komme hieltyd mear apparaten ûnder de toanbank wei, dy't neat dogge, wêtroch de froulju hieltyd senuweftiger wurde mar mei ien fan de apparaten giet ynienen in radio keihurd oan dy't se rap besykje wer út te setten. Efkes letter fyne se einliks it juste apparaat.

Foar de folgjende scêne kinne de stimmen fan de presintator en de expert dien wurde troch acteurs dy't op dat stuit op it poadium oanwêzich binne)

PRESINTATOR: En wêr hawwe jo dit porseleinen skaaltsje wei?

BABETTE: Kocht yn in winkeltsje mei twaddehânsk guod, hjir yn't doarp, foar 50 sinten.

LOLO: Ja, dat is sa, dat ha ik har ferkocht.

PRESINTATOR: 50 sinten!

BABETTE: Ja, ik foun it ek wol djûr, hear en it wiene ek noch wol eurosinten, sjoch, net mear yn de gûnetiid.

LOLO: *(Grutsk)* Se woe ek noch ôftingje, mar ik ha net tajûn.

BABETTE: Dat nuvere fanke yn de winkel besocht my ek noch ôf te setten.

LOLO: Nuver bern? Wa soe se dêr no mei bedoele?

PRESINTATOR: Litte wy ris harkje wat ús expert hjir fan seit. 50 sinten. Hat mefrou hjir in goede oankeap mei dien?

EXPERT: Dit is net te leauwen.... Wêrom oerkomt my soks no noait? Dit is in Sjineesk porseleinen skaaltsje. En as ik it omkear, dan

sjoch ik dêr it merkteken stean. Dit is sa klear as it mar kin, dit kûmke komt út de Ming perioade en stamt út de 15de ieuw.

PRESINTATOR: De 15de ieuw!

LOLO: Sjochst no wol! Ik sei dochs al, dat it âlde rommel wie.

PRESINTATOR: En sa te sjen is it noch hielendal geef?

EXPERT: Kloppet. Hy is yn in seldsum geve kondysje. Gjin chipkes en de kleuren binne ek noch treflik.

PRESINTATOR: De 15de ieuw, mefrou en noch hielendal geef. Wolle jo de wearde ek noch witte?

BABETTE: No, graach, want ik hoopje net, dat ik it te djûr kocht ha. Want dan bring ik him sa werom.

PRESINTATOR: Wy sille it de expert freegje: Wat is it wurdich?

EXPERT: Op in ynternasjonale feiling Kin dit kûmke al gau tusken de 50.000 en 100.000 euro opbringe.

PRESINTATOR: Soa.... Dat is in fiks bedrach foar in oankeap fan 50 sinten.

BABETTE: Eurosinten, hear.

PRESINTATOR: En wat giet der no troch jo hinne?

BABETTE: No, de minsken fan dy omrinwinkel, dy hawwe nearne ferstân fan.

TREA: (*Docht teloarsteld de televysje út, is der mei oan*) Hoe kinst no sa' n djûr kûmke ferkeapje foar 50 sinten!

LOLO: Ik koe dochs net wite, dat it sa bysûnder wie. It like my mear sa'n Kwantum dinkje.

TREA: Sa kin it echt net fierder.... (*Panykerich*) Us ynkomsten binne fiersten te leech. Mei dit iene kûmke hie ús finanssiële gat ynienen ticht wêze kind. De hier giet alle moannen mar troch en de energyprizen stige mar troch en dan moat ik dy ek noch betelje.... (*Dramatysk snotterjend*)

LOLO: Mar ik bin hjir as frijwilichster....

TREA: Ja, dat is sa. Mar ik moat wol hieltyd farske kofje sette en sa. Hasto der wol in idé fan hoe djoer as kofje hjoed de dei is? De prizen fan de boadskippen rinne by de dei op en dan hasto ek noch ris mólke en sûker yn de kofje! Leafst trije klontsjes! Lolo, wy moatte dit oars oanpakke.

LOLO: Wy dogge alle artikels nei de 50.000 euro. Binne wy der wis fan, dat wy nea wer wat te goedkeap fan de hân dogge.

TREA: Né né, mar dan reitsje wy ek noait wer wat kwynt. Wy moatte ús spullen troch in expert op wearde skatte litte en dan de juste prizen der op sette.

LOLO: In expert?..... Oh, sa'n ien dy't der ferstân fan hat.

TREA: Ja, krekt sa'n ien as dat der niis foar de telvysje wie. Ik sil yn it tillefoanboek wol efkes in nûmer opsykje.

LOLO: Tillefoanboeken wurde al jierren net mear makke.

TREA: Wy binne hjir yn in omrinwinkel, dus hjir binne se noch wol.
(Trea ferdwynt hastich nei har keamer. De tagongsdoar fan de winkel giet iepen en klant 1 komt der yn mei in matras fol fize flekken en giet der mei nei de toanbank.)

KLANT 1: Ik bring in artikel retour.

LOLO: No, it sil my neidwaan wat jo retour bringe wolle.

KLANT 1: No, wat tinkt jo sels?

LOLO: Hoe moat ik dat witte. Jo wolle wat werom bringe, ikke net.

KLANT 1: Dizze matras fansels. Hy foldocht my net sa goed.

LOLO: Leit hy net lekker?

KLANT 1: No, dat noch wol, mar as ik moarns wekker wurd, ha ik oeral lêst fan jokte en ik sit dan ûnder de reade bulten.

LOLO: En jo tinke, dat soks fan de matrass komt? Dat liket my sterk. It is gjin spikerbêd of sa. It is ien fan de bêste matrassen, dy't wy hawwe.

KLANT 1: Tinke jo dat? It foel my yn de winkel al op, dat der allegear plakken op sitte. *(Keart de matras om en wiist op in pear fize plakken)* Mar jo seine, dat it ûnderdiel útmakke fan de design.

LOLO: Ja, kloppet. Wy hawwe efter in hiele partij, dêr sitte allegearre deselde brúngiele patroanen op. Yn dy periode wie dat hielendal yn.

KLANT 1: Ik hoech him net mear en ik wol myn jild werom.

LOLO: Binne jo dêr wis fan? Jo meie wol in oare matras útsykje. Gjinkeld probleem, hear.

KLANT 1: Né, doch my myn jild mar werom.

LOLO: Jo meie ek wol wat oars útsykje.

KLANT 1: Hawwe jimme ek pesticide?

LOLO: Net dat ik wit.

KLANT 1: Doch my dan myn jild mar werom.

LOLO: Kinne jo my efkes helpe te tillen? It matras moat werom nei it magasyn.

KLANT 1: Ik tink dat it matras der sels wol hast hinne rinne kin, mei al dat libben der yn. *(Lola hellet jild út de kassa en klant 1 rint nei de yngongsdoar)*

LOLO: Wêr sille jo no fannacht op sliepe?

KLANT 1: Gewoan op de matrasboaiem. Alles better as op dy matras.

(Klant 1 giet ôf troch de yngongsdoar en Lola begjint it matras te ferslepen nei de magasyndoar. Underweis slacht it matras allerhande dingen út de skappen. Troch opkommende jokte begjint Lola har sels oeral te klauwen.

Mei in fikse set triuwt se it matras troch de doar en slacht dy dan ticht.

Underwilens komt Trea op troch de kantoardoar)

TREA: Wêr bisto no wer mei dwaande?

LOLO: Ik moast efkes in retoersinding te plak bringe, mar dat foel noch net ta.

TREA: *(Fleurich)* Dan ha ik goed nijs, wy krije help. Ik ha hjir in mailtsje, wêryn as my in stêfmeiwurker oanbean wurdt. Om'e nocht! No ja, hy sil fansels ek wol kofje ha moatte....Mar wy kinne hjir hiel goed wat help brûke.

LOLO: In stêfmeiwurker?

TREA: *(Pakt in papier en sjocht der frijwhat steksjoch nei)* Ja, hjir stiet it.... Mei taken foar de stêf..... of sa. *(Jout it papier oan Lola)*

LOLO: *(Sjocht mei oandacht nei it papier)* Jo hiene by it lêzen hjirfan, grif jo lêsbriil net op, tink?

TREA: Ik bin dat ding hieltyd kwyt. *(Stiet boppe op har holle)* Gjinn idé wêr't hy no wer is.

LOLO: Se freegje oft der hjir ek plak is foar immen om in taakstraf út te fieren. Net foar taken by de stêf.

TREA: *(Skuort Lola it papier út de hannen)* Bist dêre wis fan?

(Besjocht it papier mei oandacht) Ferrek, dat stiet der.... Ik ha der ek al "ja" op sein.... En hy komt hjoed noch.... Wy krije in krimineel oer de flier....

LOLO: (*Yn panyk*) Faaks is it wol sa'n kettingseagemoardner.....

TREA: Dat sil wol in slach tafalle. Dy krije gjin taakstraf. En al hielendal hjir net.

LOLO: (*Kalmer*) Ja dat is fansels ek wol sa. Dy bringe se leaver ûnder by Steatsbosbehear of sa.

THEA: (*Sjocht wer op it papier*) Hy is gjin kettingseagemoardner, mar.... Oh nee.... Hy hat in Amsterdammer omlein!

(Dolf komt der yn troch de yngongsdoar. Rint hiel selsbewust nei de kassa ta)

DOLF: Ik moast my hjir melde foar.... (*Sjocht no wat sykjend om him hinne*) myn taakstraf. (*Beide froulju geane wat skruten efterút*)

LOLO: (*Sêft tsjin Trea*) Lokkich binne wy gjin Amsterdammers.....

DOLF: Ik hjit fan Dolf. (*Jout in hân en de froulju stelle har foar*) Ja, sa'n taakstraf is fansels wol kloaterich, mar ik sil my foar de folle hûndert persint yn sette. (*Dat lêste komt der wol wat bot út, de froulju skrilje wer wat tebek*) Wat moat ik hjir einliks dwaan?

TREA: Wy kinne it der better earst oer hawwe, wat jo hjir perfoarst net dwaan moatte.

DOLF: Dit is dochs in omrinwinkel?

TREA: (*Skruten*) Ja, dat kloppet....

LOLO: Mar wy hawwe gjin kettingseagen.

DOLF: Hoesa.... Wat bedoele jo dêrmei?

TREA: Slach har mar gjin acht, hear. Sy is.....No ja.... Dat siz ik leaver net, wêr't sy by is....

LOLO: En wat bedoele jo dêr no wer mei?

TREA: (*Tsjin Dolf*) Faaks kinne jo Lola helpe mei it sortearjen fan de ynbrochte spullen, yn it magasyn. Wat fan wearde is en wat fuort kin.

DOLF: Weardefol?.... Hmmm.... Dat moat wol slagje.

LOLO: (*Kriget it Spaansk benaud*) Oh.... Dat slagget my allinne ek wol, hear....

DOLF: Wolné, ju. Hielendal gjin probleem hear fanke. Ik help dy wol,

want as immen wit wat weardefol is, dan bin ik it wol. Mar earst mar in bakje, net?

TREA: (*Suchtet*) Dêr gean myn kosten al wer....

LOLO: (*Rint mei Dolf nei de magasyndoar*) Ik ha hjir noch in matras te lizzen.

DOLF: Ja, horis, dêr kom ik hjir net foar. En boppedat, dan moatte wy mekoar earst wat better kennen leare. Mar de arbeidsbetingsten mankearret it hjir net oan.

LOLO: Né, né, dat matras moet noch fersleept wurde, mar ik krige sa'n lêst fan jekte.

DOLF: Moai, dan fersleep ik him wol. Mar hoe komsto sa ynienen dan oan lêst fan jekte?

LOLO: No, eh, ja, it kaem ynienen op, hjir, en dêr, en dêr.... (*Wiist ferskate plakken op har lea oan*)

DOLF: Moat ik der efkes nei sjen?

LOLO: Né, né hear, it giet al wer oer.

(Dolf en Lolo geane ôf troch de magasyndoar. Babette komt der yn troch de yngongsdoar mei in doaze en rint troch nei de toanbank)

TREA: Hallo, Babette. Wy seagen dy op de televysje, mei dat kûmke.

BABETTE: (*út de hichte*) Hokker kûmke?

TREA: Dat djoere kûmke.

BABETTE: Oh, dat. No, sa djoer wie it hjir oars net.

TREA: Wês der mar súnich op. Datst it net mei it ôfstofjen fan it kaske reagest .

BABETTE: No, sit dêr mar net oer yn. Dat sil my wier net oerkomme. Ik ha it al wer ferkocht, op in feiling.

TREA: (*Hiel freonlik*) Soa, no, dan hast it dochs mar oan ús te tankjen, datst sa'n dikke winst makke hast. Witste, wy moatte it allegear hawwe fan donaasjes en frijwilligers, wylst de energyprizen omheech fleane en de kofjekosten....

BABETTE: (*Snibbich*) Wat wolst dêrmei sizze?

TREA: Dat wy wol wat stipe brûke kinne. Dat soe wol hiel moai wêze.

BABETTE: Hielendal mei iens.

TREA: Oh. Moaisa. Ik tochts al datsto.....

BABEIIIE: Asjebleaft. (*Set de doaze mei in klap op de toanbank*)

TREA: Wat is dat?

BABETTE: In donaasje foar jimme. (*Docht de doaze iepen en hellet der allegearre boarters-bisten en oan oankrûpersguod út*) Dy hawwe jimme dochts nedich, net?

TREA: Dyn donaasje bestiet út knuffels en dat soarte boartesguod?

BABETTE: Ja, ús Jeroen wurdt no wier te âld foar dat soarte dingen. Faaks moat it allegearre wol efkes wosken wurde, want hy sliepte der altyd mei. (*Fluensk*) No, wat seit se dan?

TREA: Wat ik dan siz....?

BABETTE: Ja, as je wat krije, wat sizze je dan?

TREA: Eh.... Tankewol....Tink ik.

BABETTE: Neat te tankjen, hear. Sa, no sil ik ris sjen, oft der tusken dizze rommel noch ie of oar te leech prize ding te finen is. (*Babette keart har om en giet op ûndersyk út en Trea rint neigeanderich efter har oan. As Babette wat út de skappen kriget, gnúft Trea oer har skouder mei. Sa meitsje se in rûntsje oer it poadium wylst Babette mei har mobyltsje fan allerhande objekten foto's makket. Pakt in boardsje fan de stelling, besjocht it mei oandacht*) Hmmm, yntressant....Mar 25 sinten.. ...Wol eurosinteb fansels.

TREA: (*Neigeanderich*) Is dat ek antyk?

BABETTE; Soe samar kinne. Komt wol út China.

TREA: Oh, bist no ek al in expert?

BABETTE: Ja, ik leau, datst' dat no wol sizze meist. Je moatte nammentlik altyd op de efterkant sjen. Want dêr falt hiel wat ôf te lêzen. Wat ik hjir sjoch, is hiel dúdlik, nammentlik: Made in China.

TREA: O jee, se hat wer wat fan wearde foun!

BABETTE: 15 sinten?

TREA: Gjin tinken oan.

BABETTE: (*Tinkt nei en leit it boardsje dan wer del*) Ik tink der noch efkes oer nei. (*Makket mei har mobiel wer in foto fan it boardsje*)

TREA: Wat dochst no?

BABETTE: (*Unskuldich*) Oh neat. Mar ik moat no nedich fuort, ik kom wolris wer as ik wat mear tiid ha. (*Rint nei de útgong en giet ôf.*)

Trea giet nei it boardsje en pakt it op)

TREA: Se hat net om'e nocht in foto makke.... Dan giet se it thús opsykjen mei Google.... Mar dat kin ik ek. As myn computer teminsten net crasht.... Want dat is ek in ynbrocht eximplaar, dat noch op MS-DOS draait.....Ik sil gau efkes sjen. Wy moatte it net wer belibje, dat der wat weardefols foar in pear stoeren de doar út giet. Benammen net oan dat frommis. Wêr hat se no ek al wer mear foto's fan makke? *(Se rint troch de winkel en nimt de spullen dy't Babette op de foto set hat mei en ek it boardsje, lit noch it ien en oar falle dat se dan wer opfandelt, en giet ôf. Lolo en Dolf komme op troch de magasyndoar, elk mei in kop kofje yn de hân. Dolf skobbet himsels no ek sa hjir en dêr.)*

DOLF: Dy matrassen hjir noch langer hâlde, dat kin wier net, hear. Dy binne gewoan in gefaar foar de folkssûnens. Wy goaie se aanst op in bulte op it parkearterrein en dan stekke wy de brân der yn. Fuort is fuort en wei is wei.

LOLO: Mar dat kin dochs samar net.

DOLF: Dêr hast gelyk oan.

LOLO: Gelokkich

DOLF: Wy moatte der earst in pear mingel benzine oerhinne smite.

LOLO: Dat hawwe wy hjir net.

DOLF: Ik sjoch wol efkes yn it magasyn om in slange en in jerrycan. Der steane hjir bûten genôch auto's, der is grif wol ien by dêr't ik in pear mingel benzine út helje kin.

LOLO: Kin dat dan samar?

DOLF: Dêrom sei ik ek noch: Ik sil efkes sjen om in hierspjelde of in paperclip. Oars krij ik it slot fan de benzindop net los. *(Of troch de magasyndoar, lit Lolo ferbjistere efter)*

LOLO: Wat foar in artiist as Trea hjir no wer binnendoar helle hat.... Personiel oannimme, dêr hat se hielendal gjin doel oer. Nim dizze Dolf no. En dêrfoar my ek noch *(Fan Dongeren komt yn troch de yngangsdoar, tegearre mei syn assistinte Anouska. Fan Dongeren rint mei it krop tige heech en Anouska dreutelt, mei in greate bril op en in klemboerd ûnder de earm, der efteroan nei de toanbank ta)*

FAN DONGEREN: Myn namme is Fan Dongeren, fan antikwriaat fan Dongeren Antyk en Curiosa en dit is myn assistinte eh....

ANOUSKA: Anouska.

FAN D.: Ja, krekt, dat wie it. Wy hawwe hjir in ôfspraak mei de direksje.

LOLO: Direksje?..... Oh, mei Trea! Ik sil har wol efkes roppe. (*Lolo giet ôf troch de kantoardoar. Fan Dongeren en Anouska sjogge ûndersykjend om harren hinne*)

ANOUSKA: En wat dogge wy hjir no krekt yn dizze âlde troep?

FAN D.: Wy binne ynhierd om in taksaasje te meitsjen, fan alle guod yn dizze winkel.

ANOUSKA: (*Sjocht noch ris goed om har hinne*) Dêr binne wy dan gau mei klear.

FAN D.: Dat soe ik mar net te gau sizze. Je hearre sa faek, dat der peareltsjes tusken sitte kinne, by dy omrinwinkels. Net elkenien wit, hoe âld en kostber it guod is, dat ynlevere wurdt. En de minsken hjir yn de winkel hawwe der ek net altyd like folle doel oer. Sadwaande binne wy ynhierd. En wy kinne rêstich de tiid nimme, om alles troch ús hannen gean te litten.... Wy krije nammentlik de oeren betelle, dy't wy hjir besteegje.

ANOUSKA: Mar nim nou ris oan, dat wy wat fan grutte wearde fine. Sizze wy dat dan ek?

FAN D: (*Tinkt efkes nei*) Dat sjogge wy dan wol.....

(*Trea komt yn troch de kantoardoar, folge troch Lolo*)

TREA: Ah, Fan Dongeren, jo binne der al. Mei jo helpke.

ANOUSKA: Helpke??

FAN D.: Dit is myn assistinte, Anouk....

ANOUSKA: Anouska!

FAN D.: Dat sei ik, ja.

ANOUSKA: (*Flaaijend*) Wat in moaie winkel hawwe jo hjir, mei al dy moaie spullen.

TREA: No, tankewol. Ik mei hoopje, dat der ek noch wat fan wearde tusken sit, mar dêr sille jimme wol gau genôch efter komme.

FAN D.: Dêr kinne jo wol op rekkenje. Sille wy dan fuort mar út ein sette? Wy hawwe der al in heal oere op sitten. Foarrydkosten, begripe jo?

TREA: Ja, fansels, gean rêstich jo gong. No ja, net té rêstich, fansels,

want it giet by it oere, ha ik begrepen. Jo sjogge mar om je hinne en mochten wy dingen te leech priizge hawwe, dan hearre wy it wol.

FAN D.: Wy moatte fourt mar oan de slach. Hawwe jo ek in kopke kofje?

TREA: Ja, kofjekopkes by de rûs, mar dy hoege net taxearre te wurden. Mochten der noch fragen wêze, dan rêdt Lola har der wol mei. Se wurket hjir al jierren as in tige wurdearre meiwurkster....*(ynienen op in oare toan)* nettsjinstearre dat se in sjineesk skaaltsje fan hege wearde foar 50 sinten fekocht hat. *(Wer op gewoane toan)* Mar troch jo deskundige meiwurking, kinne wy dat tenei grif tefoaren komme. Mochten jo my noch nedich hawwe, ik bin op't kantoar. *(Suchtet)* Dêr bin ik ek noch wol efkes dwaande mei myn computer. Want dy is sá traach....

(Trea ôf troch de kantoars doar. Fan Dongeren en Anouska rinne troch de winkel. Se steane stil by in skap fol boeken en Fan Dongeren pakt der ien út.)

FAN D.: Rommel. *(smyt it boek op de grûn en pakt in folgjende)* Pulp. *(Goait hieltyd boeken fuort en pakt dan wer in folgjende)* Rotsoai.... Minne skriuwer.... Wetterskea.... Bagger.....*(Anouske set hieltyd streekjes op it papier op har klemboerd)*

LOLO: *(Komt aanrinnen)* Wat dogge jo no?

FAN D.: Ik doch, wêr't ik foar betelle wurd. Dit is allegear rotsoai, dat kin allegear wol fuort.

LOLO: Mar dat ferkeapje wy gewoan.

FAN D.: *(Sjocht nei in boek yn syn hannen)* Dit? Jimme doarre hjir jild foar te freegjen?.... Skandalich! No ja, der sit fierder dochs neat tusken, dus wy gean fierder. Anna, kom!

ANOUSKA: Anouska!

FAN D.: Wêr? *(Sjocht net begrypend om him hinne)*

LOLO: *(Pakt in boekje op)* De speasialist hat der wier gjin doel oer. Dit is wiere literatuer! Se wurdearre de Bouquet-rige tsjintwurdich folslein net mear. *(Fan Dongeren en Anouska rinne nei "Fierdere part dan de winkel", krekt op it momint dat de magasyndoar iepen giet. Dolf komt der yn mei in jerrycan en in slange yn de hân en in bivakmûtse op de holle. Fan Dongeren en Anouska skrikke harren wyld en geane op in draaf nei "Rest fan de winkel". Lolo hat Dolf noch net sjoen en is noch drok dwaande mei it werom*

setten fan de boeken. Dolf rint nei har ta.)

DOLF: Sa, ik.... *(Fierder komt hy net, want Lolo smyt, wylst se it útraast fan skrik de boeken dy't se yn de hannen hat yn de loft. Dolf set gau de bivakmûtse ôf.)* Sorry, ik hie dat ding efkes op dien omdat it sa ferrekte kâld bûten is.

LOLO: *(Komt wer wat by. Se suchtet)* No, ik ha it oars warm genôch.

DOLF: Dan gaen ik no mar efkes de frisse lucht yn.

LOLO: Dan gean ik mei om in in sigretsje op te stekken.

DOLF: Ik woe dy krekt freegje om my te helpen. Dêrom ha ik noch in ekstra bivakmûtse meinommen.

LOLO: Ik ha it al sa warm, wat moat ik dan mei in bivakmûtse.

DOLF: No..... Mei it benzinesammeljen wolle je leaver net dat immen sjocht wa't wy binne, ast' begrypst wat ik bedoel.

LOLO: Sjoch ik der út as immen, dy't begrypt, watsto bedoelst?

DOLF: Eh..... Der hast fansels wol in punt. Mar ik ha dy holpen om dy matrassen te ferslepen. Dan kinst my no dochs ek wol efkes helpe? En ik tink, datst no earst ek mar gjin sigret opstekke moatst.

LOLO: Ik bliuw leaver wat op in ôfstân stean te sjen.... Ik hâld likegoed leaver wat ôfstân. *(Dolf set de bivakmûtse wer op en jout der ek ien oan Lolo. Tegearre geane se ôf troch de yngongsdoar. Trea komt út it kantoar, hat it boardsje yn de hân, sjocht tige teloarsteld.)*

TREA: Dit is dochs fan in folle mindere kwaliteit as dat kûmke. *(Sucht)* En de rest wie ek neat wurdich. *(Jeroen komt der yn, mei in skilderij ûnder syn earm, mei in doek der omhinne. Hy sjocht sykjend om him hinne. Rint dan nei de toanbank.)*

JEROEN: Hallo, ik kom in skilderij bringen. Folslein net myn smaak. Mar fuortgoaie is ek begrutlik.

TREA: Dat is wier, faaks kinne wy der in oarenien bliid mei meitsje.

JEROEN: Dan lit ik it graach oan jo oer. *(Langet it skilderij oan Trea oer, dy set it efter de toanbank)* Dan sil ik mar in oarenien wer opsykje, want wy hawwe no in grut keal plak op it behang.

TREA: Dogge jo it jo mar rêrstich oan tiid, hear, wy hawwe genôch moais yn hûs. Mar as jo foar kwaliteit geane, moatte jo foar ien ding goed oppasse.

JEROEN: Oh ja,ju? En wat mei dat dan wol wêze?

TREA: Der binne skilderijen by, dêr sitte patroanen yn.


JEROEN: Patroanen?

TREA: Ja, fan puzzelstikjes. Dat binne dus reproduksjes en gjin orizjinele keunstwurken,

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto